

Deze krant is uitgegeven op de Feestdagen, en is
verkoopbaar, ook buiten de grenzen van het Koninkrijk van Nederland.

De redactie is gevestigd te Amsterdam, bij de
 uitgeverij van de "Nieuwe Amsterdamse Courant".
 De redactie is tevens te vinden te Amsterdam, bij de
 uitgeverij van de "Nieuwe Amsterdamse Courant".
 De redactie is tevens te vinden te Amsterdam, bij de
 uitgeverij van de "Nieuwe Amsterdamse Courant".



In het jaer 1880 is de "Nieuwe Amsterdamse Courant" uitgegeven.
De redactie is tevens te vinden te Amsterdam, bij de
uitgeverij van de "Nieuwe Amsterdamse Courant".

DOARPSKRANTSJE fan en foar

Tsjerkwert.

1^e jiergong

nû. 1.

HAARSTYFTINGEN

In de jaer van 1880 maart 1/8 is uitgegeven de
krant van de "Nieuwe Amsterdamse Courant".

??

1^e Jiergong nû. 1.

REDAKSJE: Henny Leicht;
 Wyke Blanksma-v.d. Witte, tel. 9487
 Jan Melchers, ,, 4116
 Rients van Buren, 9280
 Jan Dijkstra, 9498

REDAKSJEADRES: Sylroede 5.

.....

FOARWURD:

Op 'e jiergearkomste fan de foriening fan doarpsbilang waard oerienkommen, in doarpskrantsje op poaten to setten. Fiif minsken binne oansocht om de redaksje to foarmjen, dat binne: Henny Leicht, Wyke Blanksma-v.d. Witte, Jan Melchers, Rients van Buren en Jan Dijkstra.

De nije redaksje hat soks ek nea earder by de ein hawn, mar se wol har bêst dwaen en rekkent op 'e meiwurking fan 'e ynwenners fan Tsjerkwert. Dat jildt foar âlde, nije, sleauwe, Jryste, jonge, stive, aktive, slûge,

humoristyske, reade, grize, fine, koartoan-
draeide, grauwe, earlike, tûke Tsjerkwerters.

En jo kinne daliks útein!

Dit nije krantsje moat in namme hawwe en Jo wur-
de útnoege dy to bitinken. It saldo fan Doarpsbi-
lang wie sadanich, dat wy wol in flesse Dokkumer
of Keulse drippen as priis biskikber stelle doare.
Om in krantsje útjaen to kinnen moat men nijs haw-
we, in soad nijs! Jow it troch oan ien fan 'e re-
daksjeleden, mounling of skriftlik. Jo kinne fan-
sels ek in stikje skriuwe oer it ien of oar. It
mei oer allerhande ûnderwurpen gear. Jo meije
"slijme en stikelje", mar de namme fan de ynstjûr-
der moat wol by de redaksje bikend wêze.

Wy, as redaksje, hoopje, dat dit krantsje in sukses
wurde mei, hwant dan wolle we eltse twa moanne út-
komme. Dat kin wol, as alle Tsjerkwerters en âld-
Tsjerkwerters meiwurkje wolle. Wy hoopje, dat dit
krantsje dan de bining ûnder alle Tsjerkwerters
greater meitsje mei, hwant de forsterking fan 'e
bân tusken Tsjerkwerters, is ús greatste útgongs-
punt. Ek alle forieningen yn ús doarp wurde yn 'e
gelegenheit steld om al har nijs, plannen, aktsjes
etc. buorkundich to meitsjen.

Sterkte oan ús allegearre !!!!!!!!

J. D.

BURGERLIJKE STAND:

"Beabuorren" is in ynwenner riker wurden:

EDUARD YEP, soan fan Yep en Trudie Witteveen.

"de Waltawei" woe der net foar ûnderdwaen:

JOHANNES, soan fan Gerrit en Aggie Ouderkerken.

=====

It ynwennertal oer de lêste 4 jier:

| <u>1974</u> | <u>1975</u> | <u>1976</u> | <u>1977</u> |
|-------------|-------------|-------------|-------------|
| 438 | 443 | 434 | 451 |

Jo sjogge wol: in fikse winst!

+++++

NIJE YNWENNERS:

De nou folgjende persoanen wolle harren efkes efkes oan Jo foarstelle:

Op Singel 13 wonen: CORRIE (22) en TINE (24) KOOISTRA. Corrie werkt bij Kooistra's supermarkt en Tine werkt bij wasserij Florence. Wij behoren tot de Ger. Kerk.

Op Sylroede 2 wonen: MEINZE POELSTRA (29), werkzaam bij van Zuiden b.v. en JANNY POELSTRA- HITMAN (25), huisvrouw. Onze ANKIE (4 jaar) gaat naar de kleuterschool te Blauwhuis. Wij behoren tot de Ned. Herv. kerk.

Op Sylroede 3: COR GOEMAN, voorman techn. dienst op de H.M.S. ANNIE GOEMAN-VISSER, huisvrouw en werkt 3 halve dagen op het lab. van de H.M.S. ROELIEN (16) zit op het Jan Brugman College in de 4de klas Havo.

MARGREET (15) 3de klas L.H.N.O.

PERRY (13) zit in de 1ste klas v.d. Techn.school. ANNEKE (10) zit vanaf de herfstvak. in de 5deklas bij meester de Kroon.

Onze hobby's zijn: varen op de Fries Meren, zeilen, zwemmen, ook fietsen we graag en het bevalt ons hier in Tjerkwerd uitstekend!

Op Sylroede 1 wonen sinds half november:
HARRY en HILLIE DRAAISMA en hun dochttertje CAROLIEN.
HARRY is werkzaam in de autobranche van het merk Citroën. HILLIE is van beroep huisvrouw. CAROLIEN wordt 3 jaar en heeft hier veel speelplezier.

Wij zijn RIENTS en ANNEKE VAN BUREN-DIJKSTRA en wonen op Sylroede 7. Onze leeftijden zijn resp. 26 en 25 jaar. RIENTS werkt bij v. Buren- Bolsward B.V. (pelslooierij) en ANNEKE werkt in het St. Ant. Ziekenhuis te Sneek als doktersassistente bij een internist. Kerkelijk behoren wij bij de Doopsgezinde Kerk te Bolsward.

In dec. zijn op de Singel komen wonen: DIRK TJALSMA, 22 jaar; van beroep melkrijder en AKKE TJALSMA-ADEMA, 19 jaar; huisvrouw. Zij behoren tot de Ned.Herv. kerk.

-0-0-0-0-0-0-0-0-0-

IISFORIENING:

It hat spitichernôch net in drokke winter west foar de iisklub. De bern hawwe efkes op in pear lytse sleatsjes ride kinnen, mar in bêst stik iis hawwe wy net hawn. En sadwaende koene wy ek neat organisearje op natueriis. Mar gelokkich hawwe wy in kunstiisbaen yn Hearrenfean en dêr sille de skoalbern tongersdei 10 maart hinne. (Hja ha der tink ik al west as Jo dit krantsje yn'e bus krije). Inkelde âlders sille de bern der mei harren luxe auto's hinne ride. Wy hoopje, dat de bern in fijne middei krije yn't Hearrenfean en wy binn' as iisklub yn elts gefal bliid, dat wy dochs noch hwat organisearje kinne.

J.B.

HARTSTICHTING:

In de week van 28 maart t/m 3 april wordt de kollekte voor de Hartstichting gehouden.

HARMEN DE BOER - de meast-dekoreare man fan Tsjerkwert.

It cantal dekoraesjes fan H. de Boer is net mis; in sulveren medalje yn 'e Orde van Oranje Nassau, de gouden spjelde fan 50 jier korpslid + oarkonden. Mar H. de Boer is al 55 jier lid fan it 55-jierrich korps "Eensgezindheid" en foar sokke prestaesjes binne gjin medaljes en oarkonden slein.

Yn 1922 sette "Eensgezindheid" útein en de Boer wie fuort paraet. Der kaem in kiste mei ynstruminten en "hwa't de greatste bek hie, krige der it earst in ynstumint út; de greatste bekken sieten ek op 'e foarste rige". Harm de Boer siet efteroan en dat sit er noch. Earst tuba-blazer, letter wie de bas foar de Boer.

De kontrabúsje wie f 0,50 en der moast in earste ynliz fan tsien goune bitelle wurde. Dat wie doedestiids in grou stik jild.

Yn 't earstoan waard der oefene yn skoalle by 't ljocht fan oaljelampen. Der wie in bugel-blazer, dy 't sa syn bêst die, dat de lampen bigounen to stomen!!!!

Nêst "Eensgezindheid" wie de Boer ek 20 jier lid fan 'e skutterij fan Boalsert.

As bistjûrslid wie de Boer ek aktyf; 20 jier lang hat er de penningen biheard. De hjoeddeiske ponghâldster notearret, nêst de sinten, ek de absinten. Harm de Boer miste net ien rippetysje, sels mei syn jierdei gong de rippetysje foar! Dat moast foar alle leden jilde.

Doe 't de Boer in nij gebit krige, wie de earste loop fan toskedokter nei de bas, efkes blaze en it slagge.

Fansels bigjinne de 77 jier to tellen en de Boer moat wolris efkes in kear ekstra luchthappe, mar fierders blaest hy mannich jongkearel fan 'e sokken.

De útfieringen binne hwat minder as eartiids. Doe wiene der twa as trije jounen. Fuort nei de oarloch waard er dan sûkelade-molke skonken, it wie doe ek al "melk moet"; hjoed-de-dei "moet bier" en foar de Boer in sitroentsje. Yn 'e oarloch moasten de leden turf en houtsjes meinimme nei it lokaal, om de kachel to stoken.

De leden fan "Eensgezindheid" hawwe ek wol toanielspile. Yn in ien-akter moast in spiler in hin bihimmelje.

Harmen de Boer seach dat en iet stikem fan de hin!
De toanielspiler foun dat mar neat en reagearre mei:
"potford....., bliuw fan dy hin ôf".
Fansels hat de Boer ek gâns dirigenten forsliten. De
measten mei folle plesier. Allinne Sytsma wie "in stedman,
dy stie my tofolle to hierkjimmen".
As men mei de Boer oer de concoursen praet, komt it praet
ek op 'e lappen fan "dy bliksemse bakker", dy't de mesyk
waeije liet. It waard in twadde priis.

Wy, doarpsgenoaten, meije hoopje dat "Eensgezinheid noch
lang blze mei en dat Harm de Boer der tsjûge fan wêze mei.
Korps en de Boer binne twa, mar "Eensgezind".

-0-0-0-0-0-0-0-0-0-0-

Op 'e útfiering, fan 12 maert j.l., hie it
jongste korpslid, Roelof Bakker, in gedicht
foar Harmen de Boer:

Dit is in stikje fan Harm de Boer, ik as jongst lid fan
"Eensgezindheid", bring dit efkes de âldste oer.
Dit om't Harm de Boer 55 jier trou lid fan ús korps is,
en dat is wol hwat bisonders, da's sûnder mis.
We hawwe der sa'n trou lid as Jo net by, hwant komme we
der wonsdeitojouns, dan steane de stuollen al yn'e rij.
Jo binne noait ien kear to let, en nei 't se seine,
hawwe Jo Jo eigen jierdei der alris om forset.
Mar ien ding is ús net sa nei 't sin,
we fine it jammer dat H. de Boer it reglement net út'e holle kin.
Jo stekke ûnder de rippetysje noch wol in sigretsje oan
dêrmei falle Jo út de offisjele toan.
Mar sokke dingen kinne we sa'n man as Jo net kwea ôf nimme,
omdat hwat de oare rigels bitreft, wy der in puntsje oan sûge
Fanôf de efterste rij, kinne.
spylje Jo al jierren de bas-partij.
Der komt ek wolris hwat oars wei, en dat is dan Harm de Boer
dy't it hwer efkes snedich sei.
Efter de bar binne Jo ek tige to plak, dêr jowe Jo eltse
musikant syn gerak. Wy hawwe Jo nou al tige prize, mar wolle
dit ek noch mei in kado biwize. Wy winskje Jo ta, dat Jo noch
mannich jier by ús korps blaze sille en dat mei like folle wille.
Hiep, hiep, hoera foar dizze man!

ORANJEFORIENING:

De oranjeferiening hat fan't winter net stil sitten en hat al wer drok dwaende west mei it bisprekken fan'e kommende festiviteiten! Alderearst stiet 30 april, keninginnedei, foar de doar. Yn gearwurking mei de nije sportkommisje sille we dizze dei organisearje. It deiprogram nimt de sportferiening foar har rekken; it jounsprogramma wurdt opset troch de oranjeferiening. Hwat de joun oanbilanget binne wy roun. De Boalserter Krite sil it stik "Portret fan Pake" foar it fuotljocht bringe, mei in skitterende haedrol fan M. de Wagt as pake. Dit is de muoite wurdich! Yn it skoft sil der in greate forlotting hâlden wurde foar de Sportferiening. De mesyk wurdt op dizze joun versoarge troch de "Jafro's". Oan't safier yn earsten it nijs fan 'e oranjeferiening. Yn'e folgjende doarpskrantejes hearre jimme mear fan ús.

J.B.

SNYPSNAREN.

- Marten van der Wal mist een veer om gootstenen etc. door te steken + een kleine ijzerzaag. Wie krijgt nu het schaamrood op de kaken? Terug te bezorgen bij M. van der Wal, Singel 26.
- Tjamme Draaijer was 35 jaar bode bij de begrafenisver. "DE LAATSTE EER". Opvolger de heer Feitsma te Dedgum.
- Bij Ids en Joke Schukken is in knyn oanroun. Ien poat sit der hwat frjemd oan, de fêdokter hat al oan it rip-perearen west en it bist skeanskonket troch it hok.
- 25 maart geane Gaauwe en Ytsje Kuiper nei it Hearrefean.
- Albert van Lingen forgeat de tekken ûnder de moterkap. Krije Jo ekris in nije auto.....
- Bij Jelte Speerstra hat in baerch bigge. 15 biggen, dy't de wetterpokken en de moezels al hawn hawwe. Mem, de sûch, rekke wei, dat nou jowt Richtsje de biggen.....
- frou Bouma fan Warkum hat op 'e frouljusferiening oer it frysk kostúm forteld.
- âld-Tsjerkwerters kinne dit krantsje ek krije. Oanmelde : Sylroede 5, till. 9498.
- Kopie ynleverje foar 1 maeije 1977. Dat is grif hwat foar Jo.